



It Dilemma Fan Rose

(Rose's Dilemma)

In komeedzje fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT DILEMMA FAN ROSE – ROSE'S DILEMMA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1972 © By Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon
Copyright Frisian translation: 2006 © By Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363
1800 AJ Alkmaar
Telefoon 072 - 5112135
Website: www.ibva.nl
Email: info@ibva.nl
ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

ROSE

WALSH

CLANCY

ARLENE

ROSE'S DILEMMA
by
NEIL SIMON

EARSTE BEDRIUW

Earste sêne

(it lúksueuze strânhûs. Walsh en Rose sitte op de weranda en Arlene sit yn 'e hûs oan tafel... Walsh rint fuort en Rose giet yn 'e hûs)

ARLENE: Wat diesto bûten?

ROSE: Neat. Gewoan nei de moanne sjen... Wêr wiene we bleaun?

ARLENE: Okee... Blommen.

ROSE: Wat bedoelst mei blommen?

ARLENE: Do moatst wat minder blommen keapje, Rose. It liket hjir wol in botanyske tún.

ROSE: Ik kin net sûnder blommen. Se meitsje myn leven oangenamer.

ARLENE: En se plunderje dyn bankrekken. Nim keunstblommen. Dy gean net dea.

ROSE: En dy rûke ek net. Ik moat se rûke. In keamer sûnder roazen is as in keamer sûnder lucht. Ik kin net skriuwe at ik net sykhelje kin. Foaral no't ik gjin man mear ha...

ARLENE: Wat hat in man dêr mei te krijen?

ROSE: In frou moat wat **rûke** kinne... Foaral op myn leeftiid... Hasto ea in sterke, ynteressante man rûkt?... At se dat luchtsje yn in fleske stopje koene, wiene der gjin iensume froulju mear.

ARLENE: Ik ha ôfspraakjes hân mei manlju dy't it ferkearde luchtsje op hiene. It wie al oer foar't ik de doar iepen hie.

ROSE: Krekt... Walsh hie noait in ferkeard luchtsje op. Syn lichem striele gewoan de essinsje út fan wat er wie... De rook fan kracht... It odeur fan yntelliginsje... It aroma fan seksualiteit.

ARLENE: Doch my der mar tolve fan... Kin we no fierder om dy fan in fallissemint en oar ûnheil te rêden?

ROSE: Wêrom? Hasto ea jild rûkt? Klinkende munt? It rûkt nei tûzen fette fingers... Je witte net wa't it fêst hân hat, wêr't it west is en neist wat foar sykliks at it sliept hat.

ARLENE: Rose... It is kertier foar ienen yn 'e nacht... We binne hjir al de hiele jûn mei dwaande en we ha noch gjin stoer besunigje kinnen... De rekkens steapelje har op, dyn skulden groeie... en doch ha we jûn farske kreeft iten.

ROSE: En do hast der gjin stikje fan wegere.

ARLENE: Do makkest it ek sa lekker klear, Rose. Mar in blikje fisk wurde je likegoed sêd fan en is mear as de helte goedkeaper.

ROSE: Gean mar es mei de tonge by dyn tosken en kiezzen lâns. Hearlik! En atst dyn tosken jûn net poetst hast moarn ek noch genôch.

ARLENE: Mar dêr kinst de rekkens net fan betelje. Do hast al yn gjin fiif jier in boek of koart ferhaal mear ferkocht of skreaun, noch gjin idee op in servet skreaun.

ROSE: Sûnt Walsh dea is – Ik tink dat ik allinne skriuwde om te hearren wat hy er fan fûn.

ARLENE: Do moatst gjin blommen mear keapje en gjin kreeft mear ite atst net fallyt gean wolst, Rose.

ROSE: Do soest wol wat mear sensualiteit brûke kinne yn dyn leven, Arlene... Hast dêr de lêste tiid noch wat fan hân?

ARLENE: Net mei stikjes kreeft tusken de kiezzen.

ROSE: Goed... Sis mar neat mear... Lit my tinke. *(se leunt mei de holle op de rêchleuning fan de stoel en docht de eagen ticht)*

ARLENE: *(sjocht de keamer yn 't rûn)* Do hast dizze moanne seis nije boeken kocht en do hast er noch gjinien fan lêzen... Do kinst better gjin pakjes mear besoargje litte, Rose.

ROSE: *(sacht, mei de eagen ticht)* Ik bin gek op pakjes...

ARLENE: Rose... Rose... Kinst my hearre? *(mar Rose liket hiel ergens oars te wêzen... Fan ergens yn de keamer ferskynt in man. In sechstiger yn in âlde wite badjas, piama en pantoffels oan. Dit is de geast fan Walsh)*

WALSH: Se hat gelyk, Rose... Hoefolle foto's fan my hast net oan 'e muorre hingjen?... Oan filmroltsjes hat it noch gjin twa dollar koste, mar der sit foar mear as trijetûzen dollar sulveren listen omhinne... Do kinst der wol sûnder en ik bin 't net wurdich.

ROSE: My bist it wol.

ARLENE: Wat bin ik dy wol?

ROSE: *(docht de eagen iepen)* Hin?... O... Ik hie gewoan de eagen even ticht... Sorry.

ARLENE: Do pratest wer mei him, of net?... Wer in middernachtlik praatsje mei Walsh McLaren.

ROSE: Walsh is der net mear... Gjinien kin mei him prate.

ARLENE: Ik leau datst mear yn dy wrâld trochbringst as yn dizze.

ROSE: Ik moedigje it net oan. Ik freegje him net om te kommen. Hy wipt út himsels oan.

ARLENE: Do moatst der doch **wat** mei fan dwaan ha.

ROSE: At ik hjir sit en hy seit wat tsjin my, moat ik dan neat werom sizze?

WALSH: *(ferskynt wer)* Sorry, Rose. Do ropst **my**. Ik kin hjir net ferskine sûnder datsto oan my tinkst. Ik kin dy net yn in hotel

moetsje, of do soest in keamer hiere moatte.

ROSE: (*tsjin Arlene*) It gebeurt allinne sa no en dan. Ik besykje te minderjen.

ARLENE: Wêr sjochst nei?

ROSE: Ik mis him. Mei ik dat wol sizze?

ARLENE: Us heit is ek stoarn, mar ik praat net elke nacht mei him... Lit him los, Rose, it is no fiif jier lyn.

ROSE: Fiif jier, fyftich jier. Wat makket it út?

ARLENE: Ik ha in terapeut dy 't seit dat de helte fan alle widdowen mei harren ferstoarne man prate.

ROSE: Gjinn wonder dat it sa dreech is om by Walsh troch te kringen.

ARLENE: Se kin in frou dy't al 41 jier mei har ferstoarne man praat... en no wol se skiede.

ROSE: En dat fynsto ynspirearjend?

ARLENE: Ik bin net iens troud, Rose. Ik sykje net om de nei-de-dea erfaringen.

ROSE: Wêrom net? Je nimme wat er fan je leven oerbliuwt.

ARLENE: Gjinn útdrukkingen betinke, Rose. Sa'n siswize bestiet net.

ROSE: Jawol. Ik ha 't sein. Ik ha 't skreaun. Ik, Rose Steiner, in ferneamd skriuwster.

ARLENE: **Praat** dan nachts net mei 'm. Skriuw der in boek oer. "Rose en Walsh"... Dat soe tagelyk wat jild yn 't laadsje bringe.

ROSE: God, nee... Hy soe út syn grêf komme en de harsens út myn typmasine skuorre.

ARLENE: (*klapt it boek ticht*) It is al let, Rose... ik moat minstens oardel oere sliep ha nachts... Ik gean op bêd... Gjinn blommen mear keapje fannacht... Se krûpe myn sliepkeamer yn... (*pakt har paperassen by elkoar*) Giest mei nei boppen?

ROSE: Aanst daliks... Ik fyn it hearlik om noch wat yn dizze keamer te sitten.

ARLENE: Do wolst noch mei him prate?

ROSE: Nee, ik beloof dy dat ik dat net dwaan sil... We bin beide wurch.

ARLENE: Atst sa nei boppen komst, set ik de does fêst foar dy oan. (*se giet ôf wylst Walsh ergens oars op komt*)

WALSH: (*sjocht hoe't Arlene ôf giet, dan draait er him om nei Rose en knipt mei de fingers*) Hop, hop, hop, Rose. Fergriem gjinn kostbere tiid... Wêr hiene we 't oer?

ROSE: Wannear?

WALSH: Ferline wike, foarige moanne, fiif jier lyn... Do kinst dy dat yn 't sin bringe, ik net.

ROSE: Fiif jier lyn leefdest noch, Walsh. Witst noch hoe 't it wie om

te leven?

WALSH: Ja. Doe smakke it iten my better... Krimineel, ik wit noch dat ik twaentweintich wie... Ik hie in kop mei hier dat rjocht oerein stie, krekt in Afrikaanske kaktus, en ik hie in pak oan fan Dappere Dan wêr't noch gjin knûkels yn kamen at ik it trije nachten achter elkoar op bêd oan hold.

ROSE: (*dit makket har wekker*) YES!... Ik fyn it hearlik atst sokke dingen seist.

WALSH: Jezus, wat wiene wy in te gek stel... Do wiest noch mar in bern, Rose, mar do wiest it earste pykje dat ik seach yn dy bar.

ROSE: Ik sloech dy oan de heak en do wiest krekt in tigerhaai... do sloechst mei dyn sturt.

WALSH: "Lûk my op it droege, leave", raasde ik... Hee! Wa syn hûs ha we dy doe jûns hast fernield?

ROSE: Dat fan myn man... No ja, we wiene doe noch net troud... In skattich keal mantsje dat wist hoe't er in baan hâlde koe... dêr wiesto net sa betûft yn... mar ik koe ien brûke dy't de hynst yn my wekker makke.

WALSH: Krimineel, do wiest gjin hynst... Do wiest de lieder fan in kudde Teksaanske buffels dy't op 'e rin wie. (*se goait de holle achteroer en laket*)

ROSE: Ferdomde wier... dat wie ik echt, hin?

WALSH: Hee! Hoe bin we dy jûns eins yn Meksiko belâne?

ROSE: We hiene in auto stellen en sochten om goedkeape benzine.

WALSH: (*laket*) Ai jai jai Dolores... We waarden yn in frachtwein fol avokado 's en apenuten smiten... En we belânen yn in bar yn San Diego wêr't we rauwe krab en wytfisk iten ha.

ROSE: En witst noch fan dy fjochtpartij? Do sloechst in pryster del dy't in sombrero op hie.

WALSH: De plysje siet ús achternei oant oer de Meksikaanske grins en we bedarren yn in stedsje mei neat oars as gefangenissen.

ROSE: We sieten yn aparte sellen mar we hiene dy nacht de alderbêste frijpartij fan hiel Meggiko... Potferdomme, wat hiene wy in wille...

WALSH: Hiene wy seks wylst we yn ferskillende sellen sieten?

ROSE: Ferdomd wier.

WALSH: Dat wit ik net mear.

ROSE: Fansels wol. De boargemaster smiet ús blommen ta en tortilla 's.

WALSH: Dat is nooit gebeurd.

ROSE: No ja, lit ek mar. It bin gewoan herinneringen, goai it mar yn de doofpôt. (*se laitsje wylst Arlene op komt yn badjas en op*

pantoffels... Se rint sacht mei de holle nei ûnderen)

ARLENE: Sorry... Nim my net kwea ôf... Ik helje allinne even in kop tee. *(se giet de keuken yn)*

ROSE: *(tsjin Walsh)* We hienen nei boppen gear moatten.

WALSH: Wêrom? Se kin ús doch net sjen.

ROSE: Eh, dy net. Allinne my... Mar se kin ús hearre.

WALSH: O ja?

ROSE: No ja, my. Dy net... Wêr bist west? Ik ha de hiele jûn op dy wachte.

WALSH: Tsja, om earlik te wêzen, der is wat gebeurd, Rose... Ik wist net hoe'tst reageare soest... Ik rin der al in skoft mei om, pop.

ROSE: O, neam my gjin pop. Tsjintwurdich sizze se gjin pop mear... Dat heart as in karikatuer fan dysels dy't fan de muorre fallen is yn restaurant Sardi.

WALSH: Ik ha noait oan de muorre fan Sardi hongen. Dat is wol it lêste wat ik sjen wol, minsken dy't sitte te iten wylst er muzyk spilet. *(wiist nei de sofa)* Mei ik sitten gear?

ROSE: Manlju freegje net mear oft se sitten gear meie... Dy gear gewoan sitten... Do moatst wol in bytsje by de tiid bliuwe, Walsh.

WALSH: Ik wol wat frije tiid ha, Rose. It hat no al hiel wat jierren duorre en ik krij langst nei myn eigen soarte...

ROSE: Sa as wa? Scott en Zelda Fitzgerald? Marcel Proust?

WALSH: Dy ha it grif better foar elkoar as ik, Rose. Dy binne al yn it hjirneimels. Ik bin noch yn de "kom oerein en rin om" faze.

ROSE: Ik wist dat dit komme soe. Ik ha altyd al haatlik nei dy ynpakte koffer yn de hal sjoen.

WALSH: Wês earlik, Rose. Soms wiesto it dy't de koffer pakte en yn de hal smiet.

ROSE: Ik seach it nut der net fan yn om te wachtsjen op itselde wat net te kearen wie.

WALSH: Dat is wier, ja. In man belooft gewoanlik tefolle op bêd. Net dat ik ea fan doel wie dy beloften nei te kommen... Krimineel, ik moast myn passy altyd op de ien of oare manier bekeapje.

ROSE: In biljet fan tweintich dollar op it nachtkastke hie noch wat fan yntegriteit hân...

WALSH: Do stelst dy tefolle foar fan my, Rose. Ik hie komselden yntegriteit **of** in biljet fan tweintich dollar. *(Arlene komt út de keuken mei in kop tee, de holle nei ûnderen)*

ARLENE: Sorry... Nim my net kwea ôf. *(se is fuort)*

WALSH: Wy moatte prate, Rose.

ROSE: Litte we nei boppen gear foardat sy nei ûnderen komt foar in broadsje kreeft... Gleske sjampanje, we sette wat âlde muzyk op...

WALSH: Dêr ha we de tiid net foar, Rose.

ROSE: We ha tiid foar alles... (*hy sjocht oft Arlene fuort is. Sy praat wat sachter*) Do hast gjin swak hert mear. Do hast no in rêch as dy fan in jongkeardel... Kom asjebleaft nei myn keamer, Walsh... Ik fyn it freeslik at we frije wylsto hjir ûnder sitst.

WALSH: Der is wol it ien en oar feroare... At je âlder wurde, wurdt alles minder... Tanksij dyn libbene fantasije ha we it jierren folhâlde kinnen... Mar it ljocht giet stadich út, Rose. Alles wurdt dreger foar ús.

ROSE: Wat ik wol, kin ik noch altyd gebeure litte.

WALSH: Hoe faak moatst my roppe foardat ik fan it strân ôf kom? It sinjaal wurdt swakker, famke... Mar ik kom nacht nei nacht omdat ik der muoite foar doch... **Ik** doch dêr muoite foar... Mar myn muoite en dyn fantasije duorje net ivich... Do betsjutst tefolle foar my, ik wol net sjen hoe'tst dyn ûnôfhinklikens kwytrekkest... Ik moat dy ferlitte, ik sil it net dwaan sûnder dy werom te beteljen foar mear leafde en genegenheid, dy't wa dan ek, man of frou, my oait jûn hat, wylsto my noait frege hast om rekkenskip ôf te lizzen.

ROSE: Dat komt út ien fan myn toanielstikken. Ik ha dy tekst skreaun.

WALSH: Do skriuwst **alle** teksten. Elk wurd dat ik sis, elke gedachte, is fan dy. Dêrom koene we dizze lêste jierren sa goed mei elkoar opsjitte. Ik besykje dy ferdomme te helpen. Snapst dat net?

ROSE: Troch my ôf te wizen? Troch te driigjen datst fuort giest? Dit is **myn** dream, Walsh, dines net. En yn myn dream takelje ik net ôf. Ik bin yn de bloei fan myn libben, jonkje, op myn hichtepunt... Ik ha ferline jier lêzingen jûn op universiteiten en in pear fan de steande ovaasjes dy't ik krige binne no noch te hearren.

WALSH: Ik set gjin fraachtekens by dyn ivige snelheid fan geast, Rose. Allinne by dyn ûnbekwamens om jild yn 't laadsje te bringen.

ROSE: Jild kin my neat skele... Of dat jild moat in jong opskepperke wêze...

WALSH: Ha ik al sein dat ik oer twa wike jierdei bin? Dan wurd ik 65...

ROSE: Dat wit ik.

WALSH: Dat wie yn myn tiid de leeftiid om mei pinsjoen te gean... Myn tiid hjir is foarby. It punt is, Rose, ik bin der noch altyd, oftst dy dizze jierren no ferbylde hast of net. Gjinien fan ús kin de tiid stilstean litte... Do kinst de krante net mear lêze sûnder bril.

ROSE: Dat wol ik ek net. Do wolst witte wêrom at ik myn bril noait mear op ha... Omdat jampotglêzen je net bepaald oantreklik meitsje... Noch twa wike, is dat alles? God, dêrnei bin ik alle jûnen frij. Dat soesto wol leuk fine, hin, Walshke?

WALSH: Do witst hoe't it is, Rose. Sommige dingen, sa as skriuwen

en deagean, kinst it bêste allinne dwaan.

ROSE: En earlik sein is seks mei in deade man net **heal** sa lekker as at se earst seine.

WALSH: Doch wol ik dy net helendal keal achterlitte, Rose... Hoefolle jild hast noch?

ROSE: Mear as genôch. We ha jûn mei syn beiden trije kreeften beslikke.

WALSH: Do hast net iens genôch om dit hûs fervje te litten. Do hast fjouwer kasten fol mei klean mar do draachst allinne dat swarte Chanelpakje, wêr't se yn 't museum al jierren op sitte te wachtsjen.

ROSE: Do moatst in frou noait beoardielje op de klean dy't se oan hat. Wat se keapet, **dat** telt.

WALSH: Do stevenst streekrjocht op in fallissemint ôf, famke. Wêr moatst dan fan leve? Hoe dyn rekkens betelje?

ROSE: Ik kin noch altyd fan dy stomme filmsenario's skriuwe.

WALSH: Ik wit wat betters.

ROSE: Ik ferkeapje dyn leafdesbrieven net. Dy hast skreaun doe'tst dronken wiest, dy ha 'k allegear oerskriuwe moatten.

WALSH: Ik wit hoe'tst oan in slompe jild komme kinst. Der sweeft ergens noch in pikant boek om dat der om smeket om útjûn te wurden.

ROSE: Sis datst noch gjin 65 bist. Datst se foarliigd hast... Wêrom ha se ferdomme sa'n haast! Ik kin dy better brûke as sy dêr.

WALSH: It boek hyt "Skaakmat"... In roman dy't noch net ôf is.

ROSE: Fan wa is dy roman dy't noch net ôf is?

WALSH: Fan my... Ik moatst noch tritich, miskien fjirtich siden skriuwe doe't ik ynienen dy hertoanfâl krige... Under iten hjir op de weranda... Witst noch?

ROSE: Fansels wit ik dat noch. Ik hie seebears klearmakke.

WALSH: Nee. Ik bedoel de hertoanfâl. Ik besocht it dy al te fertellen ûnder it iten. Ik flústere: "Belje in ambulânse", mar do tochtst dat ik it oer de fisk hie.

ROSE: Wêrom begjinst dêr no wer oer, Walsh?... It wie de beroerdste dei fan myn leven.

WALSH: Ik woe dy it manuskript jaan, mar ik koe my net bewege... It leit yn it kastke, dêr, ûnder it rût. Ik woe dy der oer fertelle nei 't iten... mar ik koe net mear prate.

ROSE: Do waardst sa wyt as in lekken en dyn hannen wiene iiskâld... Doe wist ik dat it dien wie, Walsh, en op de iene of oare manier woe ik mei dy mei.

WALSH: It manuskript leit er noch altyd, Rose. Ik ha it dêr foar dy

bewarre.

ROSE: Ik wol dat manuskript fan dy net, Walsh. Dat soe nei in Hegeskoalle of de Ryksuniversiteit moatte.

WALSH: Dy ha gjin ferlet fan jild. Do wol.

ROSE: Oan jild is makliker te kommen as oan literatuer. Jou it oan it minsdom, Walsh, net oan my.

WALSH: Wêrom lietst my der sakrekt dan oan tinke?

ROSE: Dat die ik net. Ik ha der al yn gjin jierren oan tocht.

WALSH: Wier net? Do moatst it manuskript dêr ea fûn ha, mar do woest it my noait sizze. Do hast it net iens lêzen... En no't ik fuortgean...

ROSE: Alwer.

WALSH: Foar de lêste kear, do brochtst my dat manuskript yn 't sin.

ROSE: Net foar mysels, Walsh, dat swar ik. Godferdomme!

WALSH: Do hoechst net te flokken. Do woest ha wat ik skreaun hie en dêrom hast it bewarre. Ik wol dat it de rest fan dyn leven ynfolt... Toe, Rose. Doch it kastke iepen. Litte we es nei dat manuskript sjen.

ROSE: Doch it sels mar. It is myn manuskript net.

WALSH: Rose, do witst dat ik gjin doarren iepen meitsje kin, ik kin gjin deade dingen beethâlde. Kom op! Op knibbels! Op 'e knibbels do.

ROSE: Hoe lang is 't lyn datst my dat frege hast? *(se giet stadich oerein en giet op ien knibbel sitten)*

WALSH: Doch no it kastke iepen. *(se docht it doarke fan it kastke iepen)* Okee, wat leit dêr?

ROSE: In dikke laach stof.

WALSH: *(bûcht him nei har ta)* **Under** it stof. Ik kin it hjirwei sjen. Pak dat pakje, Rose. *(se hellet in yn papier ferpakt manuskript foar 't ljocht)*

ROSE: Help my es oerein.

WALSH: Do witst dat ik dat net kin.

ROSE: *(hâldt har oan it kastke fêst en komt oerein)* Ik ha my altyd al ôffrege hoe't dy âlde Roomske wyfkes nei de mis oerein kamen.

WALSH: Dat is it manuskript, Rosie... Helje it papier derôf.

ROSE: Dat is âld Krystpapier fan my.

WALSH: En dyn kadootsje sit deryn... *(se skuort it derôf)* Slaan de earste bledside es op. *(dat docht se en se besjocht it)*


ROSE: "Skaakmat"... troch Walsh McLaren... *(se weaget it op 'e hân)* Ja. Dat fielt sawat 40 siden te licht... Hoe wist nei al dy jierren noch dat it dêr lei?

WALSH: Omdat ien my yn 't leven holden hat, famke.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto